

Parseberjocht

20 july 2022

Omrop Fryslân bringt streekrocht it skûtsjesilen

Dit jier barst de striid ûnder de skûtsjes wer los en dat wurdt troch Omrop Fryslân wer as fan âlds live yn byld brocht, mei streekrocht en yntegraal kommentaar live op lokaasje. Der wurdt foar it earst wurke mei dronebylden, om sa de skûtsjes noch better in byld te bringen.

Live op telefyzje en radio

De wedstriden binne sûnder ûnderbrekkingen live op telefyzje en radio te folgjen mei streekrocht kommentaar. By de wedstriden binne der foar- en neibeskôgingen op lokaasje troch presintator Arjen de Boer. Nij dit jier is dat der ûnder de wedstriid ynterviews mei de skippers te sjen binne.

“It skûtsjesilen is it grutste sportevenemint fan Fryslân en foar sa folle minsken it hichtepunt fan de simmer. As Omrop Fryslân wolst dêrby wêze en ik fyn it geweldich om dat gefoel wer by de minsken thús te bringen. Hielendal nei de ôfrûne twa jier fielst dat minsken der wer nei snakke, as kij dy’t foar it earst de greide wer yn meie”, seit presintator Arjen de Boer.

Dronebylden en skûtsjepool

Foar it earst wurdt der dit jier troch Omrop Fryslân wurke mei dronebylden by it skûtsjesilen. Dêrmei kinne de skûtsjes noch better yn byld brocht wurde. Meidwaan oan de skûtsjepool kin dit jier ek wer. Foarsis hokker skipper dy dei de winst pakt en meitsje alle dagen kâns op in unyk sylarranzjemint foar twa persoanen troch de Alde Feanen by Earnewâld.

Altyd streekrocht op radio

Fertroude stimmen Gjalt de Jong en Geartsje de Vries dogge, live fan it wedstriidwetter ôf, ferslach fan it SKS skûtsjesilen op de radio. Foar de IFKS wurdt Geartsje ôflost troch Andor Faber. De IFKS is fierder te folgjen yn in deistich IFKS-sjoernaal. Dêryn giet presintatrise Maaïke van der Hoek op syk nei de ferhalen efter de float. Dit jier stjoert Omrop Fryslân gjin livebylden út fan de IFKS.

Sjoch foar alle ynformaasje op [Omropfryslan.nl/skutsjesilen](https://omropfryslan.nl/skutsjesilen).

Noat foar de redaksje

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk: publyk@omropfryslan.nl of (058) 229 78 76.



Omrop Fryslân



Kom fierder

Persbericht

20 juli 2022

Omrop Fryslân bringt rechtstreeks het skûtsjesilen

Dit jaar barst de strijd onder de skûtsjes weer los en dat wordt door Omrop Fryslân weer als vanouds in beeld gebracht, met rechtstreeks en integraal commentaar live op locatie. Er wordt voor het eerst gewerkt met dronebeelden, om zo de skûtsjes nog beter in beeld te brengen.

Live op televisie en radio

De wedstrijden zijn zonder onderbrekingen live op televisie en radio te volgen met rechtstreeks commentaar. Bij de wedstrijden zijn er voor- en nabeschouwingen op locatie door presentator Arjen de Boer. Nieuw die jaar is dat er onder de wedstrijd interviews met schippers te zien zijn.

"It skûtsjesilen is it grutste sportevenemint fan Fryslân en foar sa folle minsken it hichtepunt fan de simmer. As Omrop Fryslân wolst dêrby wêze en ik fyn it geweldich om dat gefoel wer by de minsken thús te bringen. Hielendal nei de ôfrûne twa jier fielst dat minsken der wer nei snakke, as kij dy't foar it earst de greide wer yn meie", zegt presentator Arjen de Boer.

Dronebeelden en skûtsjepool

Voor het eerst wordt er dit jaar door Omrop Fryslân gewerkt met dronebeelden tijdens het skûtsjesilen. Daarmee kunnen de skûtsjes nog beter in beeld worden gebracht. Meedoen aan de skûtsjepool kan dit jaar ook weer. Voorspel welke schipper die dag de winst pakt en maak alle dagen kans op een uniek zeilarrangement voor twee personen door de Alde Feanen bij Earnewâld.

Altijd rechtstreeks op radio

Vertrouwde stemmen Gjalt de Jong en Geartsje de Vries doen, live vanaf het wedstrijdwater, verslag van het SKS skûtsjesilen op radio. Tijdens de IFKS wordt Geartsje afgelost door Andor Faber. De IFKS is verder te volgen in een dagelijks IFKS-journaal. Daarin gaat presentatrice Maaïke van der Hoek op zoek naar verhalen achter de vloot. Dit jaar zendt Omrop Fryslân geen livebeelden uit van de IFKS.

Kijk voor alle informatie op [Omropfryslan.nl/skutsjesilen](https://omropfryslan.nl/skutsjesilen).

Noot voor de redactie

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek: publyk@omropfryslan.nl of (058) 299 78 76.



Omrop Fryslân



Kom fierder